

Achte Kommissaris fan 'e Kening,

Wy hawwe noed oer it plan 'Bouwstenen voor het Deltaplan' en it prestearjen fan Avine Fokkens as deputearre. It plan waard op 16 april oan 'e parse presintearre en pas op 19 april nei de Steateleden tastjoerd. Yn it hiele proses hienen boargers én polisy gjin inkelde ynspraak. De Friezen hawwe der net oer stimme kind, ús Steateleden hawwe der net oer meikedize kind. Sjoen de ympakt fan it deltaplan kin en mei it net wêze dat demokratyske struktueren bûtenspul set wurde. It kin en mei net wêze dat in op hol sleine deputearre op dit nivo de kontûren foar de folsleine provinsje Fryslân mei in ûnderhâns plan bepaalt.

De grûnslach fan it wurk fan de Jongfryske Mienskip leit foar in grut part yn de Europeeske fedraggen fan de Ried fan Europa, te witten it 'Hânfêst foar Regionale Talen of Minderheidstalen' en it 'Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden'. Kêst 5 en benammen kêst 16 fan it ramtferdrach binne opnommen en ratifisearre om de assimilaasje fan Europeeske minderheden, wêrûnder de Friezen, foar te kommen. Wy beroppe ús mei dit skriuwen op dat ramtferdrach en freegje jo as heechste orgaan om dat ferdrach te hanthavenjen. De ferhuzing fan tsientûzenen Nederlânsktalige bewenners nei de provinsje Fryslân sil ûnmiskenber liede ta minder Frysktaligen yn 'e tsjinstferliening, minder Frysktaligen op skoallen (sawol personiel as learlingen), minder gebieten dêr't it Frysk de normale omgongstaal is, ensafh. Mei it deltaplan leit der in plan om de taalsitewaasje yn Fryslân út balâns te bringen. Oft dat de bewuste yntinsje wie of in bykommend ferskynsel, docht net ta de saak. De útwurking fan it deltaplan op de Fryske taal en de Friezen is dúdlik: De omfolking fan Nederlânsktaligen nei de provinsje Fryslân sil de assimilaasjedruk op de Friezen fergrutsje. Jo kinne it ferlykje mei de ferhuzing fan tsientûzenen Italianen nei de Dútsktalige regio Súd-Tirol. Kêst 16 fan it ramtferdrach is mei de yntinsje skreaun om sokke prosessen tsjinhâlde te kinnen.

Achte Kommissaris Brok, wy freegje jo om fuort én direkt deputearre Avine Fokkens werom te fluitsjen. Dêrmei in sinjaal ôf te jaan fan 'oant safier en net fierder!' Wy hawwe as Friezen in gelokkige mienskip en foar dit type polityk, dy't der ek foar soarge hat dat de Nederlânske boarger minder fertrouwen yn De Haach krigen hat, mei yn bestjoerlik Fryslân gjin romte wêze.

Mei freonlike groetnis,
Ut namme fan bestjoer en leden fan de Jongfryske Mienskip,

Chris van Hes
Foarsitter

Kêst 16

De Partijen ûnthâlde harren fan maatregels dy't de ferhâldings yn de befolking yn gebieten bewenne troch persoanen dy by nasjonale minderheden hearre, wizigje en dy't rjochte binne op it beheinen fan de rjochten en frijheden dy't folgje út de begjinsels dy't yn dit Ramtferdrach steane.